

De oarloch yn spiegelskrift


Yn Café Billard It Noarderkertier yn Nes (Dongeradiel) sitte op in stuit manlju byinoar en prate oer de oarloch. De letters fan 'e namme fan it kafee op it finsterglês sjogge hja yn spiegelskrift. It is krekt as wol de skriuwer dêrmei oanjaan, dat de lju sa ek nei de oarloch sjogge. Oan 'e efterkant fan it finster witte sokke manlju hoe't se de namme fan it kafee lêze moatte, ek al is dy troch reinen en rûtspielen hieltyd minder te ûntsiferjen. Mar se sitte oan 'e oare kant fan it finster - yn 'e tiid fan nei de oarloch - en se moatte dus wol nei de achterkant fan de letters sjen en sadwaande kinne se net oars as op de oarloch werom-sjen, it barren op har eigen manier rekonstruearje.

It is opfallend hoe faak at Van der Ploeg yn 'Reis nei de Kalkman' it byld fan de spiegel brûkt: spiegels dy't net allinne reflektearje, mar dy't ek twinge ta reflektearjen en spiegels dy't dêrom oan gruzeleminten slein wurde.

De 'gearstaller' fan 'Reis nei de Kalkman', de ûnderwizer dy't ús it ferhaal fertelt, fielt him noflik by syn spiegelbyld. Yn 'e nacht sit er oan syn skriuwtafel foar it finster en sjocht sa syn alter ego dy't him selfertrouwen jout en him oan 'e oare kant fan it glês ynspirearret om te skriuwen oer doe. Mar it is net yn it foarste plak it ferhaal fan de ûnderwizer dat wy te hearren krije, mar benammen dat fan syn nicht, de oarlochswiddo Anna Richter, en fan Günther Ewaldsen, har buorman.

Van der Ploeg hat de 'ik'-persoan, dy't it ferhaal fan syn roman foar it grutste part fertelt, net foar neat 'gearstaller' neamd. De skriften mei deiboekoantekeningen dy't Anna Richter har neef neilitten hat, wurde troch him wiidweidich oanhelle en op dy manier krije wy har ferhaal ek fan harsels te hearren. It idee fan autintisiteit wurdt yn 'Reis nei de Kalkman' behalven troch it oanheljen út in deiboek fersterke troch it brûken fan histoaryske gegevens. Sa kin men yn Krine Boelens syn

'Fjouwer maaie 1995', de deadebetinking fan dit jier, juster dus. Dêr begjint it lêste haadstik fan Durk van der Ploeg syn nijste roman 'Reis nei de Kalkman' mei. It safolste boek mei de oarloch as ûnderwerp, mar net samar in oarlochsboek. Fan de Fryske boeken dy't de Twadde Wrâldoarloch as allesbeskiedend tema hawwe, is dit faaks wol ien fan de alderbêsten.



Durk van der Ploeg

Foto LC/Niels Westra

'Reis nei de Kalkman' behalven troch it oanheljen út in deiboek fersterke troch it brûken fan histoaryske gegevens. Sa kin men yn Krine Boelens syn doarpsskiednis fan Nes lêze, dat der yn 'e oarloch te Nes yndied in Feldwebel Schöde west hat. De o sa krekke beskriuwing fan 'e Nessemers kontreien is ek sa'n middel dat Van der Ploeg brûkt om de suggestje te jaan, dat wy te krijen ha mei in wier bard ferhaal.

Oan 'e oare kant wurdt it idee dat it yn 'e 'Reis nei de Kalkman' giet om in dokumint ûnderstek dien troch in grut tal ûnwierskynlikheden. Sa is it ûnbegryplik, dat Günther, dy't syn healbroer Wolfgang Schöde perfoarst net lije mei, Wolfgang dochts beselkippet nei de Dongeradielster kust, dêr't syn healbroer yn 'e oarloch as Feldwebelleutnant sa raar hûshâlden hat. Ek is it ferhaal dat Gretha Lampe de gearstaller docht oer de takomstige bewenners fan de Pôle, nei't Anna en Günther ferstoarn binne, hast al te mâl om goed yn jin deil te wollen.

Opmerkliker as dy ûnwierskynlikheden is nei myn betinken lykwols de min te begripen ôfstanlike hâlding fan de 'gearstaller'. As er syn petearen mei oaren beskriuwt, is it opfallend dat er himsels hieltyd op 'e flakte hâldt en dat er safolle dingen oer syn kant gean lit. Hy ferdigenet bygelyks syn famylje mar amper as dy harren hâlding yn 'e oarloch op it aljemint brocht wurdt. Hoewol't er partij is, wol er hieltyd bûtensteander bliuwe. Fierder as in ûnmachtich op 'e betonnen flier stampen as er it net lykfine kin mei de gong fan saken, komt er eins net. Ut in suver gewisse wei is it grutste wapen dat hy hantearje kin, de pinne dêr't er syn boek mei skriuwt.

Yn 'e lêste oarlochsdagen is Anna Richter har man deasketten troch Wolfgang Schöde, de healbroer fan Günther Ewaldsen dy't nei de oarloch it hûs njonken Anna as twadde went oankeapet. Nei't Günther fan syn frou skieden is, lit er Anna op in bepaald stuit witte, dat er fan har hâldt en dat er mei har fierder troch it libben wol. Mar hoewol't Anna in soad foar Günther fielt, kin se der dochts net ta komme om mei him te trouwen. Se soe dat beskôgje as ûntrou oan har eardere man en op dy manier wurdt Anna foar de twadde kear slachtoffer fan de oarloch. It swarte skaad fan de stege tusken de huzen fan Anna en Günther op 'e Pôle bliuwt bestean, nettsjinsteande Günther syn besykjen om dêr in ein oan te meitsjen.

Op in masterlike manier beskriuwt Van der Ploeg hoe't Günther him dy feriening tusken him en Anna, tusken syn en har hûs foarstelt. Mei prikjes op in plusen taffelskleed tsjut er Anna út, hoe't der in trochbraak makke wurde kin om fan 'e beide huzen ien te meitsjen. „Om alles te ferdûdlikjen skode er in finger demonstratyf troch de forsearre iepening” fertelt se letter oan har neef. „Ik seach it foar my.” skriuwt hy dan (s. 38): „Dy rjochter wiisfinger fan Günther, wapene mei in bloedneil. . .”

Günther wurdt slachtoffer fan de oarloch nei de oarloch, krekt lykas syn Eastfryske pake slachtoffer wurden wie fan 'e oarloch foar de oarloch. Beide sykje se de dea yn it wetter. De hâlding fan Günther syn pake foar it nasjonaal-sosjalisme oer waard foar de oarloch

net akseptearre en foar himsels loek er dêr syn konklúzjes út. De hâlding fan Günther, dy't besiket Anna by te stean yn it leed om har man, wurdt likemin akseptearre. As Dütser mei Günther net mei Nederlanners diele yn it leed dat de oarloch brocht hat. „It leed en it fertriet komt ús ta”, (s. 184) ropt in Nessemers as ferdigening fan it folksgerjocht dat Günther oandien wurdt nei't er him by de deadebetinking mei Anna fertoand hat. Günther wurdt it doarp útjage en siket de see op. It lot in kalken byld te wurden - it lot dat Jelle Richter beskern wie doe't er troch de Dütters deasketten waard - is ek Günther syn lot as er syn lêste reis makket, in reis de see yn, nei de Kalkman.

Yn 'Reis nei de Kalkman' stelt Van der Ploeg in tige aktuële kwestje oan 'e oarder. Meie en kinne Nederlanners en Dütters meiïnoar diele yn it leed dat it fassisme brocht hat? Yn syn roman jit Van der Ploeg dy fraach yn in oannimlike, knap komponearre foarm. Mar oan 'e ein fan syn boek bringt er eins in noch folle pynliker tema op it aljemint. Moat jins akseptasje ek sa fier gean dat men eardere oarlochsmisdiedigers ferneare moat op it stee dêr't jins neisten wenne ha, minsken dy't it slachtoffer wurden binne fan dy oarloch? Oan it útwurkjen fan dat tema is Van der Ploeg yn dit boek lykwols noch net takommen. Mar faaks is dat wat foar in folgjende roman.

JELLE KROL

DURK VAN DER PLOEG: *Reis nei de Kalkman*. Roman. Gurbe-rige nûmer 124. Friesse Pers Boekerij, Ljouwert, 207 siden, f 24,50.